

GEARFETTINGEN

Oer it *Altfriesisches Handwörterbuch* fan Dietrich Hofmann

Anne Popkema (Nordfriesische Wörterbuchstelle / Fach Friesische Philologie, Christian-Albrechts-Universität, Kiel)

Yn de iere sechstiger jierren fan de foarrige ieu begûn de Dútske âldgermanist Dietrich Hofmann mei syn *Altfriesisches Handwörterbuch*. Troch syn dea yn desimber 1998 koe er it wurdboek spitigernôch sels net dien krije. Sûnt 2004 is de sprekker dwaande om by de Fryske fakgroep fan de universiteit fan Kiel it wurk fan Hofmann ôf te skriuwen en ree te meitsjen foar publikaasje. It hânwurdboek sil yn 2008 ferskine kinne. Yn de lêzing sil it ien en oar op it aljemint brocht wurde oer de oanrin fan it *Altfriesisches Handwörterbuch*, oer wat Hofmann mei it hânwurdboek foar eagen stie en oer Hofmann syn wurkwize. Fierder sil de sprekker wat sizze oer hoe't it wurk oan it *Handwörterbuch* hjoeddedei ferrint en sil er yngean op de keuzes dy't sûnt 2004 makke wurde moasten om op middellange termyn dien wurk meitsje te kinnen. Ek sille de foardielen en de lekken en brekken fan it hânwurdboek behannele wurde, soks yn fergelykjen mei oar leksikografysk wurk.

De Aldfryske Digitale Wurdlist

Bouke Slofstra (Fryske Akademy-KNAW, Ljouwert)

Ien fan de meast wichtige projekten fan de Fryske Akademy is, njonken it WFT fansels, de Taaldatabank (TDB). In ûnderdiel fan de TDB is de Aldfryske Digitale Wurdlist (tenei: ADW), dy't op 't heden makke wurdt. Dy wurdlist wurdt op deselde wize opboud as it Nijfryske Morfo-bestân, dêr't opheden ek oan wurke wurdt. De ADW wurdt makke op basis fan it nije wurdboek fan Anne Popkema (op kommandeweis). Gearstalde wurden, lykas *londriucht* en *bihalda*, wurde yn parten splitst. Boppesteande projekten binne ornearre om taalkundich ûndersyk te befoarderjen. It wurdt bygelyks mooglik om in diagroane wurdlist (bg. *lond/lân* en harren derivaten) gear te stallen, mar ek foar it syngroane taalkundige ûndersyk fan it Aldfrysk sil de ADW fertuten dwaan.

Yn de lêzing sille foarbylden jûn wurde fan de tipelsinnichheden fan de Aldfryske wurdfoarming.

Fragen dy't fragen oproppe - parentezen yn it Frysk

Truus de Vries (studinte Frysk, Ryksuniversiteit Grins)

Yn dit ûndersyk, dat ik foar it fak Ynlieding Taalkunde útfierd haw, steane in trijetal parentezen yn it Frysk sintraal. De earste twa binne 'seist' en 'tinkst', yn fragen as *wêr soe er wêze, seist?* of *wêr soe er wêze, tinkst?*. Beide parentezen komme nochal ris foar yn benammen it mûnlinge taalgebrûk.

Ik haw beide parentezen op ferskate manieren yn sinnen pleatst. Hjirby haw ik sjoen nei de posysje yn 'e sin en nei agreement mei persoan/oantal en tiid. Oer it algemien hâlde 'seist' en 'tinkst' harren itselde, mar sa no en dan binne der lytse ferskillen. Myn konklúzjes binne:

- Folchoarder fan tiidwurd en ûnderwerp (SV of VS) is bepalend foar de mooglikheden fan in parenteze mei *sizze* of *tinke*. Yn de SV-folchoarder binne *sizze* en *tinke* sawol foaroan as efteroan yn 'e sin yn 'e twadde èn earste persoan mooglik. By de VS-folchoarder is by de parenteze efteroan allinne de twadde persoan mooglik, wylst by de parenteze foaroan sawol earste as twadde persoan mooglik binne.
- Yn ja/nee-fragen is der, sawol by in parenteze yn 'e no- as doetiid, in betsjuttingsferskil tusken *seist* en *tinkst*; *seist* liket mear op in werhelling fan in oar syn opmerking om der wis fan te wêzen dat de opmerking goed ferstien en/of begrepen is.
- Der is by sawol in parenteze mei *sizze* as mei *tinke* gjin agreement yn persoan/oantal. Foar tiid kin yn elts gefal foar *tinke* sein wurde dat der gjin agreement is. By in parenteze mei *sizze* is net dúdlik oft dy op tiid reagearret, om't sawol yn 'e notiid as yn 'e doetiid deselde foarm brûkt wurdt.

Nêst *seist* en *tinkst* bin ik yn de roman "It riedsel fan Trijebulten noch in oare nijsgjirrige parenteze tsjinkaam, nammentlik 'dat jo witte' yn in sin as *Wêr soe er wêze, dat jo witte?* (Akkerman, 1986: 142). Dizze foarm liket my yn it mûnlinge taalgebrûk in stik minder algemien as de beide oaren,

mar in antwurd as 'Net dat ik wit', is wol wer algemien, wylst

beide de selde opbou hawwe. Ik haw by my it besprekken fan 'e opbou taspitst op it wurdsje 'dat'. Myn konklúzjes hjirby binne:

- 'Dat jo witte' hâldt him as in bysin; it hat de SV-folchoarder en it wurdt ynlaat troch in bynwurd (dat).
- It wurd *dat* hat it measte fan in relatyf. It liedt in bysin yn en it follet in gat op. Fierder slacht it werom op eat dat earder yn 'e sin neamd is (in freegjend foarnamwurd yn dit gefal).
- It antwurd 'net dat ik wit' is net ûnskiedber ferbûn mei 'dat jo witte', mar it is wol ûnskiedber mei ja/nee-fragen ferbûn. Wannear't de negaasje lykwols skieden is fan 'dat ik wit' is it mooglik as antwurd op sawol ja/nee-fragen as oare fragen.

Internet-onderzoek naar onderlinge verstaanbaarheid van Germaanse talen

Renée van Bezooijen (Ljouwert) en Charlotte Gooskens
(Rijksuniversiteit Groningen)

In de loop van 2007 wordt in Nederland en Scandinavië via Internet een grootschalige woordbegriptoets uitgevoerd. Doel is te onderzoeken hoe goed middelbare scholieren met verschillende moedertalen (Nederlands, Fries, Deens, Noors en Zweeds) verschillende nauw verwante talen (Fries, Nederlands, Hoogduits, Platduits, Deens, Noors, Zweeds) kunnen begrijpen, mondeling zowel als schriftelijk. We mikken met name op proefpersonen die nauwelijks of geen eerdere ervaring met de betreffende talen hebben opgedaan. Het gaat dus om woordbegrip bij een (vrijwel) eerste confrontatie.

De resultaten zullen worden gebruikt voor het beantwoorden van onder meer de volgende onderzoeksvragen:

- Wat is het verschil tussen schriftelijke en mondelinge

- Welke rol speelt woordlengte voor woordbegrip?
- Welke rol speelt linguïstische afstand voor woordbegrip?
- Welke rol spelen 'valse vrienden' voor woordbegrip?
- Hoe goed worden cognates begrepen in vergelijking met noncognates?
- Hoe goed worden erfwoorden begrepen in vergelijking met leenwoorden (van verschillende herkomst)?

In onze lezing zullen we eerst een korte samenvatting geven van het doel en de opzet van het gehele onderzoek. Daarna zullen we specifiek ingaan op de verstaanbaarheid van het Deens voor leerlingen met het Nederlands en het Fries als moedertaal. Indien de resultaten van de begripstesten op tijd beschikbaar zijn, zullen we deze presenteren. Anders presenteren we linguïstische afstandsmetingen tussen het Deens/Fries en het Deens/Nederlands. Onze centrale vraag hierbij is of kennis van het Fries extra mogelijkheden biedt bij het decoderen van Deense woorden.

Oarder yn de gaos

Arjen Versloot (Fryske Akademy-KNAW, Ljouwert)

Taal is in systeem. Dy't om him hinne sjocht nei oare dissiplines, fan biologysk ekosysteem oant ekonomy, komt nijsgjirrige teoretyske ynsichten oer sokke komplekse systemen tsjin. It Darwinisme lit sjen dat troch in kombinaasje fan tafal en funksjonele seleksje dingen suver spontaan groeie kinne: in foarm fan *selsorganisaasje*. It foarútgongstinken fan de Ferljochting hat ús leard dat wy mei in *reduksjonistyske* analyse prosessen *deterministysk* beskriuwe kinne: kennis oer de gearstallende eleminten fan in systeem jout ynsjoch yn syn *dynamyk*. Dyselde natuerwittenskippen fûnen yn de jierren 80 fan de foarrige ieu dat in *dynamysk* systeem *gaoatysk* wêze kin. De gaos kin lykwols foarsein en beskreaun wurde en de gaos smyt soms ek samar moaie struktueren op. *Fractals* is in gjalp yn dat ferbân. Op it biologysk mêd nimt de kennis fan it brein de lêste jierren sterk ta. In aparte 'taalmodule' is net fûn, wol eat dat oantsjut wurdt mei *exemplar memory*; simpel sein: jo ûnthâlde (hast) alles!

Is it net mooglik en winsklik om taal ek yn dat nije ljocht te

besjen? Moatte wy net reduksjonistysk op syk nei de

boustiennen fan taal: it sprek- en harkapparaat fan de minske, de wurking fan it brein by de opbou fan ûnthâld oer klanken en betsjuttings, har ûnderlinge ynteraksje en dy mei de bûtenwrâld om ús hinne? Is der in kâns dat de grammatika himsels skriuwt? En slút sa'n grammatika dy't bewoartele is yn teoryen oer dynamyk, feroaring, gaos en sels-organisaasje net folle better oan by ús kennis fan de ûneinige fariaasje fan taal?

Dit ferhaal sil moolk wat fan de taalkundigen fergje. Binne jo oanhinger fan Chomsky, Prince & Smolensky of Labov? Of hawwe jo yndertiid foar de talestúdzje keazen, om't jo net goed yn wiskunde wiene? Ferjit jo teoretyske konsepten, stap oer jo wjeraksel tsjin wis- en natuerkunde hinne en lit jo meinimme nei de wrâld fan Sels-organisearjende Dynamyske Gaossystemen!

It kin in fassinearjende dei wurde!

Regels foar wurdynterne r-deleesje

Pieter Duijff en Frits van der Kuip (Fryske Akademy-KNAW, Ljouwert)

Yn it nij te ferskinen ientalich ferklearjend Frysk hanwurdboek, krije alle lemmata in útspraak oanwizing en dêrmei is dat wurdboek yn de Fryske leksikografy in unikum. By de einredaksje rûnen wy der tsjinoan dat de besteande literatuer yn de beskriuwing fan de r-deleesje net altyd like kompleet en ienriedich is. Dêrom hawwe wy sels regels makke of sanedich besteande regels oanpast. Yn ús bydrage jouwe wy in gearfetting fan de literatuer en dogge wy ferslach fan ús regeljouwing. Dy regels dêr't yn de literatuer gjin helderheid oer is, of dy't net neamd wurde, yllustrearje wy mei in grut tal foarbylden.

Hoe omskriuwe we skrîva? Over sterke werkwoorden in het Frysk

Oscar Strik (studint taalkunde, Universiteit van Amsterdam)

De sterke werkwoorden van de Germaanse talen worden gewoonlijk ingedeeld volgens het 7-klassensysteem. Om het historisch verband tussen werkwoorden van een klasse duidelijk te maken,

wordt dit systeem ook vaak gebruikt voor latere stadia van de

Germaanse talen. In de meeste gevallen staat historische verwantschap echter niet gelijk aan overeenkomst wat betreft huidige klankwaarde van de ablaut, en geeft deze klassenindeling geen precieze informatie over de huidige stand van zaken in het werkwoordelijke ablautsysteem van een taal. Een alternatieve indeling is te vinden in *Tiidwurden* van Dick Eisma en Jan Popkema. In deel C ("Systematysk part") van dit boekje worden de sterke werkwoorden alleen ingedeeld naar de klankwaarde van de stamklinkers in de *ynfinityf*, *doetiid* en het *mulwurd*. Het gebruik van deze indeling heeft hier een puur educatief doel, maar er zijn ook redenen waarom deze methode grote waarde heeft voor historisch en diachroon onderzoek naar de sterke werkwoorden. Door de verschillende klinkerpatronen (bv. skriuwe - skreau - skreau) in een taalstadium te bekijken, ontstaat een helder beeld van welke 'groepen' sterke werkwoorden er te onderscheiden zijn. Daarnaast is het op deze manier mogelijk om twee taalstadia op een consistente manier met elkaar te vergelijken, waarbij verschuivingen tussen patronen zichtbaar worden.

In mijn onderzoek zal ik volgens deze laatste methode o.a. de werkwoorden van de Oudwestfriesse oorkonden onder de loep nemen. Door het sterke werkwoordensysteem uit deze periode te vergelijken met dat in andere Oudfriesse tekstverzamelingen kunnen diachrone en/of geografische verschillen nauwkeurig worden omschreven, zoals bijvoorbeeld de verschillende vormen van Ofri. *skrîva*. Daarnaast is het mogelijk om een geschiedenis te schrijven van het sterke werkwoord in Westerlanders Fryslân, waarin de ontwikkeling van klinkerpatronen van de vroegste bronnen tot de huidige tijd wordt omschreven en verklaard.

North Frisian and South Jutlandish reflexes of Gmc.

****durzan* and **þurban***

John A. Foulks (Nordfriesische Wörterbuchstelle / Fach Friesische Philologie, Christian-Albrechts-Universität, Kiel en Indiana University, Bloomington)

Whereas reflexes of the Gmc. preterite-present verbs **(ga)durzan* 'dare' and **þurban* 'need' still coexist in the older Gmc. languages, the modern WGmc. languages formally retain only one of the two lexemes. We find the verb formally reflecting Gmc. **durzan* in English *dare*, in West Frisian

doare, in the Low German dialect of East Frisia *düörn*, and in

the Low German dialect of Dithmarschen *döörn*. On the other hand, we find verbs that formally reflect Gmc. **þurban* in other Low German dialects, in High German, and in Dutch. In this context, the NFris. dialects are unique in that they seem to have retained separate forms of both Gmc. lexemes to the present day, for example in the Bökingharde dialect 3rd pers. pres. *dört*, pret. *duurst* < **durzan* 'dare' next to *tört*, *tuurst* (presumptively < **þurban*) in the meaning 'need', German 'brauchen'.

A formal mixing of the two verbs had already taken place in the earliest attested Old Frisian, where we find pres. sg. *dur/dor*, pret. *dorste* < **durzan* next to pres. sg. *thur/thor*, pret. *thorste* < **þurban*. Siebs (1889:162) writes briefly about the historical situation of these two verbs in NFris., and suggests that they show traces of three verbs which are difficult to separate: 1) OFris. **thurva* = Ags. *þurfan* 'need' 2) OFris. **dura* 'dare' = Ags. *durran* and 3) Old Norse *þora* 'dare'. He seems to indicate a formal collapse of the OFris. verb **thurva* and the ON verb **þora*. Whether Siebs' suggestion of NGmc. influence is reasonable for Old Frisian and/or the North Frisian dialects is the central question of this study. That Siebs sees a NGmc. factor (ON *þora*) in the early formal mixing (but subsequent retention of separate lexemes) in NFris. is particularly striking in light of the fact that the NFris. dialects have this specific lexical characteristic of the verb system in common with some South Jutlandish (Danish) dialects, but not with WFr. or EFr. This observation has not found discussion in the literature to my knowledge. The dialects maintaining a separation of the two lexemes occupy a contiguous zone in the German-Danish border area, which represents the extreme south of the NGmc. and the extreme north of the WGmc. dialect areas. This paper examines in greater detail the problem, proclaimed by Siebs (1889) as a difficult one, of 'separating' these verbs in North Frisian. It also offers a comparison of the situation in recent South Jutlandish dialects, while regarding the developments in Old Frisian, (Middle) Low German, and Old/Middle Danish as potentially relevant to the historical development of the NFris. verbs.

Ta de Let-Aldwesterlauwerskfryske metatesis

Jarich Hoekstra (Nordfriesische Wörterbuchstelle / Fach Friesische

Wêrom hyt it Fryske wurd foar Hollânsk/Dútsk *geboren*, Ingelsk *born*, it mulwurd fan in tiidwurd lykas Dútsk *gebären*, feitliks *berne* en net *bern* (< *beren*), krekt lykas Hollânsk/Dútsk *verloren* yn it Frysk *ferlernhyt*? Yn myn lêzing sil ik oan 'e hân fan in ferskaat oan bewiismateriaal sjen litte dat der oan 'e ein fan it Aldfryske tiidrek (en ek noch yn it Ier-Nijfrysk) in foarm fan metatesis bestien hat, dy't makke dat in sjwa en in sonorant oan 'e ein fan in wurd omkeard waarden. Om't hjir om in 'low-level' fonologysk proses gie (te ferlykjen mei syllabifisearring yn it hjoeddeiske Frysk) dat ornaris yn 'e skreaune taal net werjûn waard en dat him boppedat yn it Nijfrysk net trochset hat, is men foar de rekonstruksje fan it ferskynsel oanwiisd op tafallige fossile resten dy't yn it Nijfrysk noch te finen binne of op skriuwers út dy tiid dy't de metatesis yn har wurk by útsûndering honorearre ha.

Friese Breking is een instantie van Rekking in Gesloten Lettergreep

Ben Hermans en Gertjan Postma (Meertens Instituut-KNAW, Amsterdam)

In het moderne Fries kunnen korte dalende diftongen alternieren met lange centrerende diftongen, een proces dat bekend staat als *Friese Breking*. Vanuit synchroon perspectief is het onvoorspelbaar welke morfemen de alternantie ondergaan, en in welke omgevingen dat gebeurt. Om die reden gaat men er meestal van uit dat een lexicalistische benadering de enig mogelijke is. Uitgangspunt hierbij is dat (sub)regelmaticheden verantwoord moeten worden met redundantieregels.

In deze lezing slaan wij een andere richting in. We stellen een analyse van Friese Breking voor die de belangrijkste eigenschappen van 't proces kan verklaren in termen van universele fonologische principes. Het idee is dat die morfemen die de alternantie ondergaan onderliggend een korte diftong hebben. Korte diftongen zijn gemarkeerde segmenten. Omdat deze segmenten gemarkeerd zijn, ntstaat er een tendens om ze te syllabificeren als lange, centrerende diftongen. Dat geschiedt echter alleen maar in een beperkt aantal omgevingen, namelijk daar waar een korte diftong gevolg wordt door

maximaal één segment (een consonant). In die omgeving,

namelijk, is het mogelijk om een lege mora te genereren. Die lege mora licenseert de creatie van een nieuw segment in de lettergreep met de korte diftong. Als gevolg hiervan wordt deze gesplitst in twee klinker-segmenten. Fonetisch wordt deze constellatie gerealiseerd als een lange, centrerende diftong. Onze analyse komt erop neer dat Friese Breking, typologisch gezien, nauw verwant is aan het roemruchte (want onbegrepen) *Rekking in Gesloten Lettergreep*. Beide processen hebben met elkaar gemeen dat ze geïnitieerd worden door een lege mora. Het verschil tussen beide processen is gelegen in de wijze waarop opvulling van een lege mora geschiedt. Bij *Rekking in Gesloten Lettergreep* wordt een lege mora gevuld door spreiding. In het geval van Friese Breking wordt een complexe diftong gespleten, zodat de tweede helft van de korte diftong de lege mora kan vullen.

Komt de Gooise [r] ook naar Friesland?

Jessica Koppers (studente Taalkunde, Radbouduniversiteit, Nijmegen) en Renée van Bezooijen (Ljouwert)

Het lijkt alsof de Gooise [r], de realisatie van de /r/ als approximant, steeds populairder wordt in Nederland. Dat zou ook wel eens kunnen gelden voor Friesland. Eerder onderzoek (Van Bezooijen, 2005) heeft uitgewezen dat in Friesland onder volwassenen de Gooise [r] in postvocale positie als meer aantrekkelijk wordt beoordeeld dan de tongpunt [r] en de huig [r]. Ook werd de Gooise [r] geassocieerd met een hogere sociale status. Meer nog dan volwassenen zijn het echter de kinderen die van belang zijn voor de verspreiding. De vraag is dus wat Friese kinderen denken over de Gooise [r]. Vinden ook zij de Gooise [r] aantrekkelijker dan andere varianten van de /r/? En wanneer ze iemand horen spreken met een Gooise [r], denken ze dan dat die persoon er leuk uitziet, hoge cijfers haalt en in een mooie villa woont? Op deze vragen hebben we een antwoord gezocht in een evaluatief onderzoek onder meiden tussen de 12 en 16 jaar in Leeuwarden en Zwaagwesteinde en telkens twee plaatsen in drie andere regio's, namelijk het Gooi, Zuidoost Gelderland en Limburg. Er werd gebruik gemaakt van de matched guise techniek, waarbij dezelfde tekst door dezelfde spreker met verschillende combinaties van r-en werd ingesproken. Het aantal luisteraars per plaats lag rond de 15 personen. We zullen ons tijdens de lezing concentreren op de